

Septimber 2020

de kritekoer



nijs fan

selskip 'Mei Inoar Ien'

te Utert, Seist en omkriten



De Kritekoer jiergong 65 nr. 4

Wat sit der yn de koer?

Programma winterskoft 2020 -2021

It koronafirus is noch aktyf. Dat hat syn wjerslach op ús kriteprogramma. De Algemiene Ledegearkomste giet net troch. It bestjoer fynt de kwetsberheid fan ús leden te grut. Wy hâlde in 'skriftlike ALG', dat betsjut dat de stikken yn dizze Kritekoer stean. Wy freegje de leden om har fragen en opmerkingen troch te jaan oan de skriuwer. Sjoch fierder side 5.

It foarriedige programma fan it winterskoft 2020-2021 stiet hjirûnder. It is fansels ûnder foarbehâld fan fierdere wizigingen troch nije korona-ûntwikkelingen en -maatregels.

Datum	Lokaasje*	Programma
Sneon 26 sept. 2020	-	Algemiene ledegearkomste 2019-2020 Giet net troch; skriftlike ôfhanneling
Sneon 7 nov. 2020	-	Toanielstik 'Doazen' → giet net troch
Sneon 19 des. 2020	Utert-B	Krystmiddei
Sneon 16 jan. 2021	Utert-B	Nijjiersbesite (middei/jûn)
Sneon 13 febr. 2021	Seist-N	Programma noch net bekend (middei)
Sneon 20 mrt. 2021	Seist-N	Hy en Sy (jûn)

*Utert-B = Bijkershoek, Utrecht, Seist-N = Noorderlichtkerk, Zeist

Boun om Utens

- Algemiene Gearkomste fan it Boun: de datum yn maart 2020 is ferfallen en ek de datum fan sneon 14 novimber 2020 yn Hurderwyk is ferfallen. It Boun hâldt ek in skriftlike AG.
- Webstek fan it Boun: www.fryskbutenfryslan.frl



Fan de foarsitter

De slimste dagen fan de hjitteweach hawwe west, gelokkich. No efkes bykomme en de putsjes dwaan dy 't der noch lizze! Ik hoopje, dat jimme de waarmte goed bekommen is en wer oan de gewoane dingen ta komme!

Mar no sitte wy wer, of noch hieltyd mei it koronafirus. Fierderop kinne jo it al lêze, mar wy hawwe dochs besluten, om de Algemiene Ledegearkomste foar de leden op 26 septimber net te hâlden. It risiko is te grut foar de measte leden fan ús krite. Alles komt yn dizze Kritekoer te stean. Elkenien kin hjir op reagearje, fia de e-mail en oars telefoanysk. It is och sa spitich, dat wy net by inoar komme kinne. Wy hoopje dat it allegearre gau oer giet. Mar der binne no wer in protte nije besmettingen by kommen. Dus wy binne och sa foarsichtich, om gjin oare minsken te besmetten.

De skoalfakânsjes rinne ek wer op 't ein. 1 septimber begjinne hjir de skoallen wer. De bern komme no 't ik dit oan it typen bin, no allegearre wer sa'n bytsje op hûs oan. Mei ferhalen fansels. Och sa gesellich, it giet foaral in soad oer de waarmte en lekker swimme fansels.

Se koene hjir wol yn de swimbaden swimme, mar op ôfspraak en mar ien oere. Elke dei ferskode dat oere! Ja, se moatte wat. Net tefolle tagelyk yn it wetter.

No minsken, dat wie it wer foar hjoed.
Bliuw allegearre sûn en graach oant sjen!

Mei golle groetnis,

Pietie Westdijk-Kaastra





Ledeniis

- ❖ Op 18 april 2020 is ferstoarn Sietske Nolte-Terpstra ferstoarn. Boukje Andringa hat in ‘Ta oantinken’ skreaun.
- ❖ Op 30 maaie 2020 is ferstoarn lid Djoerd Wielinga. In ‘Ta oantinken’ is skreaun troch Pietie Westdijk.

Ta oantinken oan Jeltje Sietske Nolte-Terpstra

“Als je in de harten van zovelen een plaatsje hebt gekregen, dan is je leven rijk geweest” skriuwt Jeltje en se einiget mei “Tige tank en oant sjen, adieu”.

“In liefdevolle herinnering van Ton Nolte sr.”

Jeltje is berne yn Grins op 14 jannewaris 1938 en ferstoarn yn Enschede op 18 april 2020. Jeltje wenne yn Leersum Op den Berg. Trieneke en ik binne foarich jier noch by har west. In prachtich hûs op in skoander plakje.

Jeltje hat ek jierren lid west fan ús krite en naam dan ek wol minsken mei út Leersum. Dat is ophâlden doe’t hja, op wei nei in reiske fan ús krite nei Fryslân, in autoûngelok krige. Samar kaam der in auto út in oprit. Jeltje is nei’t sikehûs brocht en wy gongen mei in swier hert nei Fryslân.



Jeltje hat dêrnei nea wer op ‘e krite komme kinnen en de sûnens waard ek slimmer. Op it lêst is hja oerbrocht nei in ferpleechhûs yn Enschede, by har jongste soan. Dêr haw ik noch tillefonysk kontakt mei har hân. Jeltje en ik hiene in bysûndere bân en ik sil har misse. Ik winskje de soannen Ton en Jelmer en harren húshâldingen krêft ta mei it ferwurkjen fan it ferlies fan dizze bysûndere mem en beppe.

Boukje Andringa-Brattinga




Ta oantinken oan Djoerd Wielinga

Op 30 maaie 2020 is ferstoarn de hear D. (Djoerd) Wielinga yn de âldens fan 91 jier. Hy wie al in skoft bêdlegerich en moast úteinlik nei it ferpleechhûs De Bilthuysen Rinnebeek yn De Bilt. It lêste skoft wie dreech foar allebeide. Ek troch de beheiningen fan it koronafirus.

Yn jannewaris 1976 binne se beide lid wurden fan de Krite Fryslân. Se wiene trouwe leden, dy 't ek oare leden meinamen yn de auto! Op it lêst koe hy net mear ride. Doe kamen se mei in taksybuske en namen ek oare leden mei.

Ukie, syn frou, is al hiel lang kontaktpersoan foar de âlderein en fersoarget de jierdeikaarten fan de leden fan Utert, boppe de 75 jier. Se hat dit, hoewol sy drok wie mei Djoerd, altyd mei folle sin dien. Dêrfoar wol ik har hjir tige tankje. It gemis is, nei in houlik fan 66 jier, swier. Dochs is sy tankber foar alle jierren, dy 't se tegearre wiene! Ik tink ek mei tankbere gefoelens werom, as ik tink oan de fijne petearen, dy 't wy hiene.

Pletie Westdijk-Kaastra





SKRIFTLIKE LEDEGEARKOMSTE

Troch de beheiningen fan it koronafirus hat it bestjoer besluten om de plande Algemiene Ledegearkomste fan 26 septimber 2020 ferfalle te litten. Yn pleats hjirfan dogge wy in skriftlike ôfhanneling. De stikken dy't fan belang binne (de reguliere jierstikken) ha wy yn dizze Kritekoer opnaam. Wy freegje oan de leden om dy te lêzen.

Opmerkingen en fragen kinne jimme foar 15 oktober o.s. trochjaan oan de skriuwer. Dit kan fia email j.p.bergmans@casema.nl of telefoanysk op 06 - 3778 1632. Ynkommen opmerkingen en fragen wurde yn it bestjoer besprutsen. Wichtige reaksjes en antwurden fine jo yn de folgjende Kritekoer. Minder driuwende saken sette wy op de agenda fan ús folgjende ALG, yn septimber 2021.

Dokuminten ALG

Hjirnei fine jimme de wenstige jierstikken fan Selskip Mei Inoar Ien:

- A. Ferslach algemiene ledegearkomste op 18 maaie 2019;
- B. Jierferslach skriuwer (18 maaie 2019 oant 1 maaie 2020);
- C. Bestjoersferkiezing;
- D. Koart finansjeel ferslach kritejier 2019-2020;
- E. Begrutting en útstel kontribúsje kritejier 2020-2021.

A. Ferslach earste ALGEMIENE GEARKOMSTE fan it selskip Utert-Seist op sneon 18 maaie 2019, Shalomseal, Noorderlichttsjerke yn Seist

1. Iepening

Pietie Westdijk iepenet de gearkomste om 20:15 oere. Der binne 31 persoanen oanwêzich.

2. Wolkom

Wolkom allegearre op de mienskiplike gearkomste. Beide kritekren ha harren jiergearkomste hân.



2a. Bestjoersferkiezing

Pietie Westdijk en Harke Hofman binne ôfgeand en ferkiesber. Trieneke Vos, Nieske Schurer en Gerrita Otten-Onrust binne ek ferkiesber. De gearkomste giet akkoart mei dizze bestjoerskandidaten. Mei de net-ôfgeande bestjoersleden Jan Roelants en Jan Piet Bergmans betsjut dat in bestjoer fan sân persoanen. De sân bestjoersleden stelle har yn it koart foar.

Foar it gearstallen fan it kritebledsje siket Jan Piet Bergmans in mei-lêzer. Sybren Westra biedt him oan.

Klaske van Hoeij hâldt op mei it bestjoerswurk. Pietie Westdijk jout har in blomke en sprekt hat tank út foar de noflike gearwurking.

2b. Beneamen fan de foarsitter

It útstel wurdt dien om Pietie Westdijk te beneamen ta foarsitter. De gearkomste giet akkoart.

3. Ferkiezing fan de nije namme fan selskip Utert-Seist

De doopnamme fan de krite bliuwt 'Selskip Fryslân'. Dit feroarje en yn oarder meitsje mei de bankrekken kostet in soad tiid en jout swierrichheden. Dêrom it útstel om in nije ropnamme te kiezen foar de nije situaasje. Jan Roelants leit de proseduere út. Op it útrikte briefke stean 11 nammen. Graach oanjaan hokker namme de earste kar is en hokker namme de twadde kar.

Nei it tellen fan de 31 stimmen hawwe de nammen 'Utert-Seist' en 'Mei Inoar len' de heechste skoare. By de kar tusken dizze twa nammen gean 11 stimmen nei de namme 'Utert-Seist' en 14 nei de namme 'Mei Inoar len'. Hjirmei wurdt de nije namme 'Mei Inoar len' keazen. Dizze namme is betocht troch Nieske de Jong. Sy is net oanwêzich. Trieneke Vos bringt har in pryske.

4. Fisy-dokumint Mei Inoar len

Neffens Klaske van Hoeij kin de namme fan de krite by de 'Kamer van Koophandel' wol sûnder kosten feroare wurde. It bestjoer sil hjir nei fernimme. Fierder binne der gjin fragen oer it fisy-dokumint.

5. Begrutting 2019-20120 en fêststellen fan de ynlys

De sifers stean op it útrikte papier. It giet om de kolom 'Ynkomsten-begrutting 2019-2020' en de kolom 'Utjeften-begrutting 2019-2020'. Jan Roelants jout in taljochting by de sifers.



- De kosten fan de Kritekoer binne no yn dit oersicht opnaam (€ 900,-). Der is fan út gien, dat it ferstjoeren no ta kin mei de postsegelwearde '1'.
- By de post 'Aldereinsaken': yn de gearkomste is wat diskusje oer de wize wêrop. It doel is om it te dwaan sa't dat yn it fisy-dokumint beskreaun is. Frou Wielinga giet troch mei it ferstjoeren fan de jierdeikaarten. Trieneke siket noch help om om de rest fan de 75-plussers in jierdeikaart te stjoeren. Yn de gearkomste wurdt noch in tip jûn: it wurk wurdt minder beswierlik troch in skriuwei te organisearjen. Dan kinne de kaarten, slúf mei adres en postsegel al klearmakke wurde foar in langere perioade.
- It útstel is om de kontribúsje op € 12,- fêst te stellen. Krite Fryslân hat goede ûnderfiningen om de leden op te roppen – by it tastjoeren fan de ledekaart – in ekstra bedrach boppe de kontribúsje te beteljen. De gearkomste giet akkoart mei it útstel.

6. Beneamen kaskommisje

De komisje bestiet út Nora Koren en Henny Bakker. Reserve is Boukje Andringa.

7. Programma 2019-2020

Datum	Plak	Programma
Sneon 05 oktober 2019	Utert	Joke Zeinstra , film "Oare Jo" oer WOII
Sneon 09 novimber 2019	Seist	Toaniel
Sneon 14 desimber 2019	Utert	Krystmiddei
Sneon 11 jannewaris 2020	Utert	Nijjiersbesite mei waarm iten
Sneon 15 febrewaris 2020	Seist	Middei oer Sint Piter
Sneon 21 maart 2020	Seist	Kabaret

8. Omfraach en sluten

Op de Kritekoer as A4-bledsje moat de nije namme fan it selskip neamd wurde.

Pietie Westdijk slút de gearkomste en betanket de oanwêzigen foar har kommen en harren ynbring.

Hjirnei meitsje de leden in nijsgirrige, mar net sa maklike 'kwuzel' (kwis-puzel) oer Fryske saken, makke troch Gerrita Otten.



B. Jierferslach fan it SELSKIP MEI INOAR IEN oer it tiidrek 18 maaie 2019 oant 1 maaie 2020

ALGEMIEN

Yn 2019 hat der in grutte feroaring west yn it kriteklibben yn de regio Utert. It selskip ‘Mei Inoar’ út Seist hie noch aardich wat leden, mar in bytsje bestjoersleden. Yn Utert hie selskip ‘Fryslân’ net sa’n soad leden, mar wol in foltallich bestjoer. Dit wie oanlieding om de lapen gear te smiten: op 18 maaie 2019 wie de algemiene gearkomste fan it selskip ‘Utert-Seist’ (wurknamme). Op dizze gearkomste is it bestjoer fan sân persoanen foarsteld. As foarsitter is Pietie Westdijk keazen. Ek is der in nije namme foar it selskip keazen. Dat is wurden ‘Mei Inoar Ien’. De plannen en wurkwize binne beskreaun yn it fisy-dokumint.

Fan it bestjoer

Der hawwe seis bestjoersgearkomsten west (op 3 septimber 2019, 15 oktober 2019, 19 novimber 2019, 16 jannewaris 2020, 20 febrewaris 2020 en 12 juny 2020). It bestjoer wie fertsjintwurdige op de Ynspiraasje- en Moetingsdei fan it Boun op 16 novimber 2019.

Fan ôf maart 2020 is alles feroare, omdat it koronafirus grutte beheiningen joech. Alle gearkomsten moasten skrast wurde mei it each op besmetting. Dit wie ek de reden dat de wenstige AG fan it Frysk Boun om Utens net troch gie.

Fan de leden

It ledetal wie by de fúzje op 18 maaie 2019 140 persoanen. Op 1 maaie 2020 binne der 131 leden ynklusyf 5 eareleden.

Aldereinsaken (1 maaie 2019 o/m 30 april 2020)

De âldereinsaken foar de leden fan it eardere selskip ‘Fryslân’ wurde behertige troch frou Wielinga. Foar leden fan it eardere selskip ‘Mei Inoar’ krije de âldere leden oandacht fan bestjoerslid Trieneke Vos en lid Boukje Andringa.



Boppe de 75 jier krije de leden alle jierren op harren jierdei in kaart en om de fiif jier (in kroanjier) in kadobon foar in blomke.

Foar de leden fan 'Fryslan' binne 26 kaarten ferstjoerd, 6 kaarten mei ynhâld foar in kroanjier. Der binne fan 't jier gjin besiten ôflein.

Foar de leden fan 'Mei Inoar' binne 46 kaarten ferstjoerd en 4 besiten ôflein. De ponghâlder fergoedet de kosten fan de âldereinsaken.

Fan de jûnen/middeis

- De earste krite-aktiviteit (**5 oktober**, 25 minsken, Bijnkershoek) wie mei Joke Zandstra mei in ynlieding en in film. In slagge middei.
- Op **9 novimber** (42 minsken, Noorderlichtkerk) hat it selskip 'Fjoer' it stik 'Hjerst' spile. In moai toanielstik, guon minsken fûnen it stik wat swier.
- Der wie op **14 desimber** in Krystmiddei (30 minsken, Bijnkershoek). In slagge middei mei leker iten en drinken, Krystferskes, in Krystferhaal en in kwis.
- De nijjiersbesite wie op **11 jannewaris** (31 minsken, De Bijnkershoek). In gesellige gearkomste, mei in moai oanklaaide seal. Wy hawwe lekker iten: it wenstige stampopotbuffet, fersoarge troch de meiwurkers fan de Bijnkershoek.
- Op **15 febrewaris** (26 minsken, Seist) wie der in kritermiddei oer Sint Piter. Gerrita Otten hat soarge foar nijsgjirrige ynformaasje oer dit jierlikse feest yn Grou. Der wiene passende traktaasjes en sels in live-ferbining mei Sint Piter yn de Sint Pitertsjerke yn Grou. In moaie middei.
- Op **21 maart** wie yn it kriteprogramma in optreden troch Hy & Sy mei muzyk en teäter, opnaam. Troch it koronafirus ha wy dit ôfblaze moatten. Wy ha alle leden in brief stjoerd.

De bestjoersgearstalling

Op de gearkomste fan 18 maaie 2019 binne sân bestjoersleden presintearre. De funksjes wiene sa ferdielt:



Foarsitter:	Pietie Westdijk	ôfgeand yn 2021
Skriuwer:	Jan Piet Bergmans	ôfgeand yn 2020
2e skriuwer:	Gerrita Otten	ôfgeand yn 2021
Ponghâlder:	Jan Roelants	ôfgeand yn 2020
Lid:	Harke Hofman	ôfgeand yn 2021
Lid:	Trieneke Vos	ôfgeand yn 2020
Lid:	Nieske Schurer	ôfgeand yn 2021

Fan de Kritekoer

- It tal siden fan de Kritekoer ha wy werombrocht oant acht siden A5. Hjirtroch kin folstean wurde mei ien postsegel wearde 1. Jan Piet Bergmans docht it redaksjewurk. Sybren Westra is korrektor. De opmaak fan de Kritekoer wurdt dien troch Gerrita Otten.
- De Kritekoer is yn dizze ferslachperioade seis kear útkommen. Foar it oankundigen fan de Krite-aktiviteiten wiene fiif kritekoeren nedich. As kompensasje foar it net trochgean fan de kritejûn op 21 maart hat it bestjoer besluten in ekstra Kritekoer út te jaan. Dit wie in bysûndere koer mei ferdiveadaasje en in 'woordzoeker' as priisfraach. Ut de reaksjes koe opmakke wurde dat dit tige goed ûntfongen is.
- It ferstjoeren fan de Kritekoer wurdt fersoarge troch Harke Hofman en Pietie Westdijk. Foar de administraasje fan de Kritekoer wie in aparte rekken oanwêzich. Dit hie te krijen mei de ferdieling fan kosten tusken de beide eardere selskippen. Dizze aparte rekken is no opheven. De kosten binne no opnaam yn de gewoane rekken/begrutting fan de krite 'Mei Inoar Ien'.

Oare aktiviteiten

- De krite moat him hâlde oan de wet- en regeljouwing fan de AVG (Algemene Verordening Gegevensbescherming). It bestjoer is dwaande om dit yn in stappenplan út te wurkjen.



- De krite is by de Kamer van Koophandel registrearre as 'Selskip Fryslân'. Dit is de statutêre namme. It feroarjen fan de namme moat fia de notaris. Dit kostet tefolle. It bestjoer hat besluten dat de doopnamme 'Selskip Fryslân' bliuwt; dat is ek de namme fan de bankrekken. De 'ropnamme' foar alle oare kommunikaasje is 'Mei Inoar Ien'.
- De ledemutaasjes komme faak binnen by de ponghâlder fan de krite. Dizze wurde trochjûn oan de oare bestjoersleden. Harke Hofman kin hjir rekken mei hâlde at hy de etiketten foar de Kritekoer makket. De skriuwer makket in list fan de 75-plussers foar frou Wielinga. Foar Trieneke Vos wurdt dizze list makke troch Jan Roelants.
- Om de kosten fan de grutte kritejûnen wat te beheinen wurdt soms in ferlotting holden. Dit jier wie dat mar op ien jûn it gefal.
- Troch it opheffen fan it Sintrale Bokefûns fan it Boun om Utens binne der no, neist de healsliten boeken, ek nije en sawat nije Fryske boeken beskikber. De ferkeap fan al dizze boeken is ek dit jier fuortset troch Jan Piet Bergmans.
- De krite is stiper fan de keatsferiening 'Melle Veenstra' yn Hilversum foar € 25- yn it jier. Dat stypjen past by ús karbrief.

De skriuwer, Jan Piet Bergmans

C. Bestjoersferkiezing

- De ôfgeande leden yn 2020 binne Jan Piet Bergmans, Jan Roelants en Trieneke Vos. Alle trije stelle se har wer ferkiesber.
- Nieske Schurer hat oanjûn dat se ophâlde wol mei it bestjoerswurk. Har wurk, har soarchtaak en it bestjoerswurk binne net mear te kombinearjen. It bestjoer stelt út om oant de ALG fan 2021 mei seis bestjoersleden fierder te gean. Foar it kritejier 2021-2022 sil besocht wurde om de fakatuere fan Nieske wer te besetten.



Sjoch foar D en E ek de brief fan de ponghâlder by dizze Kritekoer.

D. Finansjeel ferslach kritejier 2019-2020

Taljochting troch de ponghâlder

It earste jier fan de krite 'Mei Inoar Ien' sit der op en dat freget om in finansjeel ferslach. Op de folgjende side fine jo de sifers fan de jierrekken yn de blauwe kolommen. Wy stean der as krite soen foar.

De reserves dy't de krite Seist hie, wiene krekt wat mear as begrutte. Troch dy ynkomst is de sparrekken groeit. Mar hie dy er net west, dan wie it fermogen no € 200,- lytser west. Fierder hat de kritekoer justjes mear koste om't der in ekstra edysje west hat. En is der op de grutte jûnen minder útjûn omdat de lêste jûn net troch gean koe.

Kaskontrolle

- Op freed 21 augustus 2020 hat de kaskommisje, besteande út de froulju Henny Bakker en Nora Koren, de boeken kontrolearre en yn oarder befûn. De kaskommisje stelt dêrom út, de ponghâlder en it bestjoer te ûntlêstigjen foar it finansjele belied yn it ôfrûne kritejier. It bestjoer betanket beide dames foar har wurk.
- It bestjoer stelt út, dat de leden fan de kaskommisje alle jierren 'in plak opskowe'. Ien persoan bliuwt yn de kommisje (Henny Bakker), ien persoan giet út de kommisje (Nora Koren) en de reserve (Boukje Andringa) wurdt kommisjelid. Foar it kommende jier siket it bestjoer dus in nije reserve foar de kaskommisje. Graach opjaan by de skriuwer.

E. Begrutting en útstel kontribúsje kritejier 2020-2021

De nije begrutting is te finen yn in de giele kolommen. Der binne gjin bysûnderheden te melden.

It bestjoer hat besluten om de kontribúsje foar it nije kritejier, dat fan 1 maaie 2020 oant en mei 30 april 2021 rint, op € 12- per lid te hâlden.

De nije ledekaarten mei dit bedrach binne mei stjoerd mei dizze Kritekoer.



FINANSIEEL OERSIUCH kritejier 2019/2020 & BEGRUTTING kritejier 2020/2021						
Posten	Ynkomsten			Utjeften		
	Begrutting 2019/2020	Rekken 2019/2020	Begrutting 2020/2021	Begrutting 2019/2020	Rekken 2019/2020	Begrutting 2020/2021
Ynlage leden	1.260,00	1.602,00	1.500,00			
Stipen	500,00	700,00	500,00			
Lytse jûnen	400,00	989,00	900,00	1.000,00	1.362,21	1.400,00
Grutte jûnen	900,00	732,50	850,00	1.500,00	1.183,50	1.500,00
Kritekoer	100,00	19,20	-	900,00	1.072,17	1.000,00
Âldereinsaken				260,00	334,34	300,00
Boekferkeap	40,00	56,35	50,00			
Rinte	-	-				
FBOU ôfdracht				40,00	40,00	75,00
Bankkosten				140,00	136,29	140,00
Bestjoerskosten				320,00	142,63	200,00
Oare ynkomsten/utjeften	2.000,00	2.574,87	855,00	40,00	30,00	40,00
Negatyf saldo						
Foardielich saldo				1.000,00	2.372,78	
Totaal	5.200,00	6.673,92	4.655,00	5.200,00	6.673,92	4.655,00

Saldi per 30 april 2019		Saldi per 30 april 2020		Prognose 30 april 2021	
Betelrek.	134,87	Betelrek.	107,65	Betelrek.	152,65
Sparrek.	5.400,00	Sparrek.	7.800,00	Sparrek.	6.900,00
Totaal	5.534,87	Totaal	7.907,65	Totaal	7.052,65



Der heart in grapke by ...

Doe't wy besluten om in ekstra Kritekoer út te bringen, wisten Gerrita en ik genôch. De lêzers moatte wat te dwaan hawwe. Al is it mar foar efkes, wy moatte de tiid trochkomme! Ivich op de stoel yn in hoekje efter de geraniums omdat net ien nei bûten mei ... De kritejûn gie net troch en ik hie al in stikmannich pryskes yn' e hûs. Ek blombollen ... Gerrita en ik binne beide oan de slach gien; sy mei in rebus en ik mei in 'woordzoeker'. Earst fansels inoar freegje oft alles wol kloppe. Silst sjen dat der in flaterke yn sit! No, dat foel wol ta.

Der wiene úteinlik sân minsken dy't in oplossing nei Jan Piet stjoerd hawwe. En doe moast der noch lotte wurde ... en wat sille wy de winners thús bringe? Blombollen foar wa't op in flat wennet? Wat moatte de minsken dêr mei? It moast wat wêze wêr't jo wat oan hawwe en wat jo groeien sjogge. En wat aardichs.



Foar de ferlotting wie myn soan Wytze de oplossing. Hy spile foar notaris en hat trije priiswinners út de hege hoed helle. Want it moast wol earlik. Ik ha in filmke nei alle bestjoersleden stjoerd. Mar no komt it ... It kabinet hie ôfkundige dat jo sa folle mooglik thús bliuwe moasten ... En wa wiene of net te berikken (bel stiet te sêft) of wiene net thús? It stiet dúdlik op'e buorden boppe de snelwei minsken: "bliuw thús!" Net langer seure, Harke! Geeke Tukker, Boukje Andringa en Boatsje Fopma hawwe de pryskes wilens krigen. Mar oft ien fan dizze froulju ea kidele is troch in boer mei in heafoarke, dat sille wy miskien nea te witten komme ...

Elkenien lokwinske!

Harke



KONTAKT

Postadres

Krite Mei Inoar Ien, p/a Langeweg 75, 4133 AT Vianen

Bestjoer

Foarsitter: Pietie Westdijk-Kaastra, (030) 2318 224, pcwestdijk@kpnmail.nl

Skriuwer: Jan Piet Bergmans, (0347) 320 093, j.p.bergmans@casema.nl

Ponghâlder: Jan Roelants, (030) 2010 118, jhw.roelants@online.nl

Bestjoerslid: Harke Hofman, (0347) 377 703, harkemarga@online.nl

Bestjoerslid: Gerrita Otten-Onrust, (030) 2625 897, g.onrust1@gmail.com

Bestjoerslid: Trieneke Vos, (030) 9616 081, tvos51@kpnmail.nl

Aldereinsaken Utert

Frou J. Wielinga, (030) 2617 816

Sosjale kommisje Seist

Trieneke Vos, (030) 9616 081, tvos51@kpnmail.nl

Boukje Andringa-Brattinga, (0346) 216 240, boukjeandringa@kpnmail.nl

Ferstjoeren Kritekoer

Pietie Westdijk & Harke Hofman

Bank

NL05 INGB 000 0194 027 o.n.f. 'Selskip Fryslân' te Utert



Ha jo in bydrage foar de Kritekoer?
Graach ynleverje by de skriuwer!

Slutingsdatum kopij:

woansdei 14 oktober 2020